

SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan : *Tsjerk Bouwhuis - FNP*

Datum fan yntsjinjen : 1-2-2021

Oan : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders

Ûnderwerp : Eveneminten

Wize fan beäntwurding : Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiids antwurd

Datum beantwurding :

Taljochting:

De eveneminten brânzje sit yn swier waar, al hast in jier lang kinne der gjin eveneminten organisearre wurde omdat de koroanamaatrigels it net ta litte. We kinne de simmer hast rûke en yn in normale simmer brûst it yn Súdwest-Fryslân fan de eveneminten. En sûnder twivel is der dit jier mear ferlet fan as ea earder.

*Lanlik hat it kabinet koartlyn in garânsjefûns ynsteld fan 300 miljoen om it organisearjen fan grutte eveneminten op gong te helpen. Want der is in risiko dat ek dizze simmer de coronamaatregels eveneminten net ta litte, en organisaasjes moatte no begjinne om der fan 't simmer klear foar te wezen. Dit fûns is foar eveneminten grutter as 3000 besikers. Mar yn ús gemeente mei 89 kernen, in brûskjend ferienigingen libben en in grutte kulturele sektor hat ek ferlet fan dúdlikens om no te begjinnen om fan 't simmer los te kinne.

**De gemeentlike ynformaasje ferstrekkings op de site oer eveneminten yn koroanatiid rint efter of foarút op beslissingen die lanlik noch net naam binne. Sa wurdt bekend dat Keningsdei en Befrijingsdei dit jier net troch gean. Litte we hoopje dat de ynformaasje ferstrekkings hjir efter rint. Mar dat der ynformaasje ûntbrekt is wol dúdlik en dêrom dizze skriftlike fragen.

Boarne:

*[de Volkskrant](#)

**[Sudwest-Fryslân.nl](#)

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Kloppe de fermoedens fan de FNP fraksje dat de ynformaasje ferstrekkings oer de eveneminten efter rint yn de tiid? Sa ja, wat sil dien wurde om dit better te dwaan?
	Antwurd: It kloppet da't der ferâldere ynformaasje op it webstee stie. De tekst is yntusken oanpasse. Nei de takomst ta sille wy hjir better each foar hâlde.
2.	Is it kolleezje ree om op koarte termyn in (digitale) ynformaasje jûn te organisearjen foar alle organisatoren fan eveneminten yn Súdwest-Fryslân, wêr alle fragen en saken (sa as koroanarigels, subtydjes, fergunningen) behandle wurde kinne?
	Antwurd: Ynkoarten organisearje wy digitale gearkomsten foar organisatoaren fan lytse en grutte eveneminten yn ús gemeente. Wy prate dan oer wat te dwaan by rommere maatregels, it garânsje fûns fan it Ryk en ús eigen koroana fûns. Ek sille wy de organisatoaren freechje wat wy op it stuit en sadree't de maatregels rommer wurde foar harren betsjutte kinne. Wy soarchje derfoar dat ferskate dissiplinen by dizze gearkomste oanslute, mei as doel dat organisatoaren sa gau as mooglik antwurd krije op fragen dy't libje.

3.	Lanlik is der in garânsjefûns foar grutte eveneminten. Is it kolleezje it mei de FNP fraksje iens dat ek yn Súdwest-Fryslân de eveneminten op gong holpen wurde moatte, sa wol de lytse as grutte, en it kolleezje tegearre mei de organisaasjes nei de beste sa breed mooglike ûndersteuning siket.
	<p><u>Antwurd:</u></p> <p>Yn 2020 hat it kolleezje al besluten dat hja kûlant omgean wol mei subsydzjes dy't ferstrekt binne foar aktiviteiten dy't troch de koroana maatregels net troch gean kinne.</p> <p>It lanlike garânsje fûns foar eveneminten hâlde wy yn 'e gaten. Dit fûns is allinnich foar eveneminten dy't nei 1 july hâlden wurden en wêr't minimaal 3000 besikers op ôfkomme. Foar de lytsere organisatoaren is ús eigen gemeentlike koroananeedfûns beskikber.</p> <p>It amtlik apparaat stiet ree om organisatoaren te helpen sadree't der wer mear kin. Hoe't wy dizze stipe breder oppakke en boargje wolle kinne jo ynkoarten lêze yn de noch fêst te stellen eveneminten fyzje.</p>

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):